



Oan dhr. drs. B. Looper,
einredakteur kommisje *Kanon fan Fryslân*
p.a. Tresoar, *Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum*
Bûterhoeke 1
Postbus 2637
8901 AC LJOUWERT

→ 100325

Itens, 25 maart 2010

Underwerp: ymplementaasje Kanon fan Fryslân

Achte hear Looper,

It bestjoer fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) wie en is in grut foarstanner fan it ûntwikkeljen en it brûken fan de *Kanon fan Fryslân* yn ús provinsje. Wy hawwe der jierrenlang foar krewearre dat dy kanon der komme soe en koe (sjoch ús webstek www.fryskebeweging.nl/FFU). De feestlike presintaasje fan de kanon yn 2008 wie foar ús dan ek in wichtich barren en in fikse earste stap. It materiaal lei der en it seach der goed út.

In twadde stap waard set yn 2009. Yn *De Moanne* (jrg. 8/oktober 2009) joech Steven de Winter oan hoe't er tocht om '600.000 musea van de Friese identiteit (te) bouwen'. Hy wie oansteld as 'kertiermakker' fan de kanon fan de Fryske skiednis. Hy moast dy kanon sichtber en tagonklik meitsje foar eltsenien dy't yn Fryslân ferbliuwt en mear yn it bysûnder foar bern yn it primêr en sekondêr ûnderwiis. Syn biedwurd wie 'identiteitsverrijking' en syn wurkplak waard 'Tresoar'.

Op in gearkomste (2 maart 2010) fan organisaasjes dy't harren dwaande hâlde mei de útfiering fan Frysk (taal)belied, kaam de meidieling dat fan ien en oar neat op 'e hispel kommen wie. De hear De Winter hie gjin wurkplak (mear) yn 'Tresoar' en nimmen fan de oanwêzigen koe wat sizze oer hoe't it no fierder gean soe. Us hat ek gjin berjocht berikt dat immen oars de opdracht ta ymplementaasje fan de Fryske kanon krigen hat.

Foar de FFU is dat in slim teloarstellende situaasje. Us bestjoer freget him ôf wat de kanonkommisje dêroan dwaan sil. It kin dochs net sa wêze dat gâns wurk omdôch west hat, no't bliken docht dat de kertiermakker dermei opholden is. It bestjoer fan de FFU soe sadwaande graach witte wolle hokfoar fierdere stappen oft der nommen wurde sille om te kommen ta in oare kertiermakker foar de kanon.

Omdat jo de einredakteur fan de Fryske kanon wiene en ek omdat De Winter in wurkplak by 'Tresoar' hie, like it ús foar de hân te lizzen om ús fraach oan jo te stellen.

Alfêst tank foar jo meiwurking en reaksje.

Mei rju achtinge,
foar it bestjoer fan de FFU,

Th. Dykstra,
foarsitterFFU